

Oanfraachformulier

It ynfoljen fan it Fryske oanfraachformulier smyt gjin ekstra punten op yn de beoardieling fan de taalpunten. Dêrby sjocht de advyskommisje nei de ynhâld fan jo projekt en net nei de taal fan de troch jo ynlevere stikken.

Oanfraachformulier Iepen Mienskipfûns Fryslân 2023 – Iepenstellingsperioade 3, 18 septimber oant en mei 5 oktober 2023 - Subsydzjeregeling Iepen Mienskipfûns Fryslân 2020

Formulier werom stjoere nei: Deputearre Steaten fan de Provinsje Fryslân
o.f. ôfdieling Subsydzjes
Postbus 20120
8900 HM Ljouwert

Of fia it streekkantoor: <https://www.streekwurk.frl/contact/>

Besikersadres: Provinsje Fryslân,
Twibaksmerk 52
8911 KZ Ljouwert

TINK DEROM!

Oanfragen foar lytse maatskiplike inisjativen en nije eveneminten yn de regio Súdwest Fryslân moatte yntsjinne wurde by de oanbelangjende gemeente. Download it goede formulier op de webside <https://www.fryslan.frl/fy/imfoanfreegje>

Foar fragen, begelieding en advys kinne jo kontakt opnimme mei it projektburo yn jo regio. Wy freegje jo hjir om yn te foljen yn hokker regio jo in projektoanfraach yntsjinje TINK DEROM: it plak dêr 't de aktiviteiten útfierd wurde sille, bepaalt binnen hokker regio oft jo de oanfraach yntsjinje moatte. Mocht jo projekt meardere regio's befetsje, dan tsjinje jo foar elke regio in aparte oanfraach yn mei ek in begrutting per regio.

Waadeilannen

Waddenpromenade 1, Harns
T: 058 – 29 25 812
E: eilanden@fryslan.frl

Noardeast Fryslân (regio)

Florynwei 3c, Burgum
T: 0511 – 47 92 10
E: noordoost@fryslan.frl

Noardwest Fryslân

Raadhuisplein 1, Frjentsjer
T: 0517 – 38 07 33
E: noardwest@fryslan.frl

Súdeast Fryslân

Schansburg 1, De Gordyk
T: 058 - 292 5200
E: zuidoost@fryslan.frl

Súdwest Fryslân (regio)

Marktstraat 2, Snits
T: 058 – 29 25 964
E: zuidwest@fryslan.frl

- Waadeilannen, besteande út de gemeenten: it Amelân, Skiermûntseach, Skylge, Flylân;
- De regio Noardeast Fryslân, besteande út de gemeenten: Dantumadiel, Noardeast-Fryslân, Achtkarspelen, Tytsjerksteradiel;
- Noardwest Fryslân, besteande út de gemeenten: Harns, Waadhoeke en Ljouwert;
- Súdeast Fryslân, besteande út de gemeenten: Smellingerlân, Opsterlân, Weststellingwerf, Eaststellingwerf en It Hearrenfean;
- De regio Súdwest Fryslân, besteande út de gemeenten: de Fryske Marren en Súdwest-Fryslân.

Jo kinne it oanfraachformulier fia de post of by de baly fan it provinsjehûs of it projektburo fan Streekwurk yn jo regio yntsjinje binnen de yn it iepenstellingsbeslút fêststelde oanfraachperioade. Neidat jo in folsleine oanfraach yntsjinne hawwe, krije jo sa gau as mooglik, mar op syn lêst 7 maart 2024, berjocht oft jo projekt foar subsidyzje yn oanmerking komt.

Tinke jo foardat jo it formulier ynfolje sille oan it neikommende:

- De subsidiabele aktiviteit op grûn wêrfan't subsidyzje ferliend wurde kin, moat foldwaan oan wat yn de Subsydzjeregeling Iepen Mienskipfûns Fryslân 2020 fêststeld is. Jo kinne dizze fine op www.fryslan.fr/subsidies.
- Hawwe jo it goede oanfraachformulier foar de regeling dêr't jo in oanfraach foar yntsjinje wolle? Oanfragen dy't mei in ferkeard oanfraachformulier yntsjinne wurde kinne wy spitigernôch net yn behandeling nimme.
- It is wichtich dat jo it oanfraachformulier folslein ynfolje, ûndertekenje en de taheakken lykas neamd ûnder F taheakje, allinnich dan kinne wy jo oanfraach yn behandeling nimme.
- It is net mooglik om meardere subsidyzje-oanfragen op ien formulier yn te tsjinjen. Wy freegje jo om foar alle oanfragen in apart oanfraachformulier yn te foljen.
- It oanfraachformulier moat rjochtsjildich ûndertekene wurde. As jo as rjochtspersoan de oanfraach yntsjinje, dan hâldt dat yn dat jo oanfraach ûndertekene wêze moat troch alle foechhawwende bestjoerders dy't jo rjochtspersoan fertsjintwurdigje. Tsjinje jo út namme fan in groep natuerlike persoanen in oanfraach yn, dan moatte alle natuerlike persoanen mei ûndertekenje.
- As frege wurdt nei in taljochting, is it ferwizen nei taheakken net mooglik; alle ynformaasje moat yn it oanfraachformulier opnommen wêze.

Hawwe jo ynteresse yn ús nijsbrief?

Ja Nee

Soene jo enkêtes ûntfange wolle foar it ferbetterjen fan de regeling?

Ja Nee

Jo e-mailadres:

.....

A. Algemiene gegevens

A1. Gegevens oanfreger

Jo freegje subysdzje oan
út namme fan in:

- Feriening
 Stifting
 Koöperaasje
 Groep fan op syn minst fiif natuerlike persoanen (allinnich mooglik as de oanfraach in nij evenemint of in lyts maatskiplik inisjatyf oanbelanget)
 Steatsboskbehear
 NV, BV, ienmanssaak

TINK DEROM: folje hjirûnder it postadres yn

Namme rjochtspersoan/
namme groep natuerlike
persoanen:

Strjitte en húsnummer:

Postkoade:

Plak:

telefoannûmer:

E-mailadres:

Webside:

Kontaktpersoan oanfreger

Namme en foarletters:

Titel:

Funksje by it projekt:

telefoannûmer:

Mobyl nûmer:

E-mailadres:

Wurdt de oanfreegjende
partij foar dizze oanfraach
fertsjintwurdige troch in
lêsthawwer?

- Nee (gean troch mei ûnderdiel A2)
 Ja (folje hjirûnder de gegevens yn. De lêsthawwer moat oerien komme mei de ûndertekener fan dizze oanfraach)

Lêsthawwer

Namme en foarletters:

Titel:

Funksje by it projekt:

telefoannûmer:

Mobyl nûmer:

E-mailadres:

Wy freegje jo om in ûndertekene machtiging by dizze oanfraach ta te foegjen. In model machtigingsferklearring kinne jo krije troch op de link te klikken: ["Foarbyld - Machtigingsformulier"](#)

A2. Bankgegevens oanfreger

IBAN-nûmer:

Rekken stiet op namme fan:

Plak:

A3. Oare gegevens oanfreger	
Binne jo ynskreaun by de Keamer fan keaphannel?	<input type="checkbox"/> Nee <input type="checkbox"/> Ja (<i>foegje in resint úttreksel fan de Keamer fan Keaphannel ta</i>)
A4. Finansjele gegevens	
Wurde jo as ûndernimmer oanmurken foar de omsetbelesting?	<input type="checkbox"/> Ja <input type="checkbox"/> Nee
Kinne jo de BTW op dit projekt ferrekkenje?	<input type="checkbox"/> Ja (<i>de bedraggen yn 'e begrutting moatte eksklusyf BTW wêze</i>) <input type="checkbox"/> Nee (<i>de bedraggen yn 'e begrutting meie ynklusyf BTW wêze</i>)
A5. Oare oanfragen	
Hawwe jo neist dizze oanfraach dit jier noch mear oanfragen yn it ramt fan dizze subsidyjeregeling yntsjinne?	<input type="checkbox"/> Ja <input type="checkbox"/> Nee <i>Der wurde maksimaal 3 oanfragen de oanfreger yn it jier yn behanneling nommen.</i>
Sa ja, hoefolle oanfragen hawwe jo dit jier yntsjinne yn it ramt fan dizze subsidyjeregeling en om hokker projekten gie it?	
Wannear hawwe jo dizze oanfragen yntsjinne?	<i>Wy freegje jo hjir om de perioade nûmers fan de oare oanfragen yn te foljen, perioade 1, 2 of 3.</i>
Hawwe jo foar dit projekt neist dizze oanfraach noch mear subsidyje-oanfragen yntsjinne by de provinsje Fryslân?	<input type="checkbox"/> Ja <input type="checkbox"/> Nee
Sa ja, foar hokker regeling(en)?	<i>Wy freegje jo hjir oan te jaan op basis fan hokker regelingen jo meardere subsidyje-oanfragen yntsjinne hawwe.</i>

B. Projektgegevens

1	Jo oanfraach slacht op de folgjende aktiviteiten:	<input type="checkbox"/> Lytse maatskiplike inisjativen, dêrûnder nije eveneminten (<i>maksimale subsidyje bedraacht € 10.000</i>) <input type="checkbox"/> Middelgrutte inisjativen, wannear't it gjin nij evenemint is (<i>maksimale subsidyje bedraacht € 35.000</i>) <input type="checkbox"/> Grutte maatskiplike inisjativen, wannear't it gjin nij evenemint is (<i>maksimale subsidyje bedraacht € 75.000</i>) <i>Tink derom: Alinne mooglik yn regio Waadeilannen. As jo oanfreegje yn de kategory grut, dan is gemeentlike kofinansiering in betingst. Jo moatte in bewiis dêrfan by slute.</i>
2	Namme fan it projekt:	<i>Jou in heldere en unike projektnamme fan maksimaal 5 wurden.</i>
3	Projektperioade: Startdatum: Einddatum:	<i><u>Startdatum:</u> Folje hjir de konkrete datum yn dêr't de projektaktiviteiten op úteinset wurde (dd-mm-jjjj).</i> <i><u>Tink derom!</u> It projekt mei net úteinset wêze foar de datum fan it yntsjinjen fan dizze oanfraach, foar kosten fan tarieding, planfoarming, ûndersyk of foarljochting.</i> <i><u>Eindatum:</u> Konkrete datum dat it projekt klear is en dêrnei gjin (subsidiabele) kosten mear makke wurde en betelle foar it projekt (dd-mm-jjjj).</i> <i>De ferplichtingen fan de subsidyjeûntfanger steane yn kêst 12 fan de Subsydzjeregeling Iepen Mienskipfûns Fryslân 2020.</i>
4		

	Doelstelling fan it projekt:	<i>Jou in koarte taljochting op it projekt.</i>
5	Doelgroep projekt:	<i>Wy freegje jo hjir oan te jaan op hokker doelgroep(en) it projekt him rjochtet.</i>
6	Projektaktiviteiten:	<i>Wy freegje jo hjir in koarte beskriuwing fan de aard fan de aktiviteiten dy't yn it ramt fan it projekt útfierd wurde yn te foljen. Foar it krijen fan subsydze is in útwurke projektplan nedich.</i>
7	Plak aktiviteiten:	<i>Folje hjir yn wêr't de aktiviteiten útfierd wurde. TINK DEROM: de aktiviteiten moatte útfierd wurde yn de regio dêr't jo jo oanfraach yntsjinje, sjoch ek side 2.</i>

C. Romtlike oardering

1	Past it projekt binnen it jildende bestimmingsplan?	<input type="checkbox"/> Ja, gean troch mei ûnderdiel D <input type="checkbox"/> Nee <input type="checkbox"/> Net fan tapassing, gean troch mei ûnderdiel D <i>Jou oan oft it projekt binnen it bestimmingsplan falt as fan tapassing. As jo kieze foar opsje "nee", moatte jo de datum ynfolje fan de dei dat jo goedkarring ferwachtsje.</i>
2	Wannear wurdt goedkarring ferwachte?	<i>Folje de ferwachte datum yn wêrop't goedkarring ferwachte wurdt.</i>

D. fergunningen en ûntheffingen

1	Binne der fergunningen, ûntheffingen en/of oare goedkarrings easke foar dit projekt?	<input type="checkbox"/> Ja, gean troch mei ûnderdiel D2 <input type="checkbox"/> Nee, gean troch mei ûnderdiel E
2	Hawwe jo in oanfraach yntsjinne?	<i>As jo al yn it besit binne fan fergunningen, ûntheffingen en/of oare goedkarrings, freegje wy jo dêr in kopy fan as taheakke mei jo oanfraach mei te stjoeren.</i>
3	Hokker fergunning ûntheffing en/of oare goedkarring wurdt oanfrege?	
4	Wannear wurdt goedkarring ferwachte?	

E. Finansjele gegevens

1	Wat binne de folsleine kosten fan jo projekt?	<i>Folje hjir de folsleine projektkosten yn. As jo de BTW kosten fan jo projekt ferrekkenje en/of kompenearje kinne moatte jo de folsleine kosten fan jo projekt ekskl. BTW fermelde. Jo belestingadviseur kinne jo dêr mear oer fertelle.</i>
2	Wat is de hichte fan it subsidybedrach dat jo oanfreegje?	<i>De maksimale subsidyhichte stiet yn kêst 11 fan de Subsydzjeregeling Iepen Mienskipfûns Fryslân 2020 en ûnder B1 op it oanfraachformulier.</i>

F. Taheakken

Ferplichte taheakken: By de oanfraach moatte jo in oantal taheakken meistjoere. TINK DEROM: Wy kinne allinnich folsleine oanfragen yn behanneling nimme.

1	In projektplan <i>Hjiryn jouwe jo yn oanfolling op it formulier oan hokker doelstellings jo mei it projekt hawwe, wêrom't it projekt binnen de subsidyregeling past, wat jo krekt dwaan sille en hoe't jo dat dwaan sille.</i>	<input type="checkbox"/> as taheakke meistjoerd
2	Spesifisearre begrutting <i>Neist de begrutting ûntfange wy ek graach in (koarte) taljochting op de finânsjes; dat betsjut dat jo útlizze hoe 't de bedraggen yn jo begrutting ta stân kommen binne. Dêrby meitsje jo minimaal dúdlik mei hokker oantallen en tariven jo rekkene hawwe. Ek moat dúdlik wêze oft de kosten yn- of eksklusyf BTW binne. As der offertes beskikber binne, dan ûntfange wy dy ek graach. Oanfragen foarsjoen fan in begrutting sûnder dúdlike taljochting kinne wegere wurde. TINK DEROM: jo kinne net mear as 5% ûnfoarsjoene kosten yn de begrutting opnimme. In model begrutting kinne jo fine op https://www.fryslan.frl/fy/imfoanfreegje</i>	<input type="checkbox"/> as taheakke meistjoerd
3	Dekkingsplan <i>As it net opnommen is yn it projektplan. As jo beskikke oer bewizen fan finansiering dy't tasein is, moatte jo dy ûnderbouwe mei bygelyks tasizzingsbrieven fan de ko-finansierjende partij. In foarbyld fan in dekkingsplan kinne jo fine op https://www.fryslan.frl/fy/imfoanfreegje</i>	<input type="checkbox"/> as taheakke meistjoerd
4	In resint úttreksel fan de Keamer fan Keaphannel <i>(allinnich as de oanfreegjende partij ynskreaun stiet by de Keamer fan Keaphannel) (net âlder as trije moanne) TINK DEROM: jo oanfraach is earst rjochtsjildich ûndertekene as dy ûndertekene is troch foechhawwende bestjoerders sa't dy by de KvK bekend binne</i>	<input type="checkbox"/> as taheakke meistjoerd
5	As jo in meiwurker of in tredde machtige om út namme fan jo of jo rjochtspersoan de subsidy-oanfraach yn te tsjinjen, dan moat de dêrfoar taheakke machtiging ek rjochtsjildich ûndertekene wêze. <i>De machtigingsferklearring kinne jo fine op https://www.fryslan.frl/fy/imfoanfreegje</i>	<input type="checkbox"/> as taheakke meistjoerd

G. Ferklearring

Undertekene ferklearret:

- alle gegevens yn it oanfraachformulier en de taheakken nei wierheid ynfolle te hawwen;
- it foech te hawwen om de subsydzje-oanfraach yn te tsjinjen;
- om him te hâlden oan de betingsten en ferplichtingen, lykas fêstlein yn de oanbelangjende subsydzjeregelings, de steatsstipe - en oanbestegingsregels, en ek oare wetlike regelingen dy't op de útfiering fan it projekt fan tapassing binne;
- der fan op 'e hichte te wêzen dat de oanfreger c.q. subsydzjeûntfanger sels ferantwurdlik is en bliuwt foar it krijen fan needsaaklike fergunningen en dat skea folgjend út it net krijen dêrfan foar rekken is fan de oanfreger;
- Ree te wêzen alle winske ynformaasje te jaan oan funksjonarissen dy't dêrta troch de subsydzjejouwer oanwiisd binne;
- net yn surseânse fan betelling of yn steat fan fallisemint te wêzen.

ÛNDETEKENING

Sa nei wierheid ynfolle en ûndertekene troch oanfreger

Plak:

Datum:

Namme:

Hantekening:

Wannear't yn it úttreksel fan de Keamer fan Keaphannel stiet dat de bestjoerders fan de stichting, feriening of oare rjochtspersoan net selsstannich, mar allinnich mei-inoar it foech hawwe om de stichting, feriening of oare rjochtspersoan te fertsjintwurdigjen, moatte alle yn it úttreksel registrearre bestjoerders it machtigingsformulier ûndertekene. By fiif natuerlike persoanen (sûnder stichting of feriening) moatte alle 5 oanfregers mei-inoar it machtigingsformulier ûndertekene.

Eventuele meiûndertekener(s):

Namme:

Hantekening:

Namme:

Hantekening:

Namme:

Hantekening:

Namme:

Hantekening:

Advys: Wy freegje jo om it oanfraachformulier nochris troch te lêzen, om te sjen oft alles ynfolle is en alle nedige taheakken tafoege binne.

Oanfraachformulier Iepen Mienskipfûns Fryslan 2023 – Iepenstellingsperioade 3, 18 septimber 2023 oant en mei 5 oktober 2023.